

[0836]

BESPREK

Teake Oppewal, Babs Gezelle Meerburg, Jelle Krol en Tineke Steenmeijer-Wielenga (red.), Zolang de wind van de wolken waait. Geschiedenis van de Friese literatuur. Amsterdam (2006), Uitgeverij Bert Bakker, 400 siden, ISBN 90-351-3017-0.

Literatuer yn 'e etalaazje

Ferline jier kaam, ûnder auspysjes fan Tresoar, in nije literatuerskiednis út ûnder de titel *Zolang de wind van de wolken waait*, yn Fryslân dalik ôfkoarte en ferfryske ta 'Wolkeboek'. Foar de promoasje fan it boek wie in toer organisearre by Nederlânske bibleteken lâns. Redakteuren fertelden dêrby wat oer it boek, wylst inkele yn it boek behannele skriuwers en dichters wat út harren wurk foardroegen.

Dat der benammen ynset waard op publisiteit bûten de provinsje, lei yn 'e reden: *Zolang de wind van de wolken waait* is foaral ornearre foar de leek dy't neat fan Fryske literatuer ôf wit, of, neffens it foarwurd: 'Het is geschreven voor mensen die geïnteresseerd zijn in literatuur en die min of meer bekend zijn met de ontwikkeling van de letterkunde in ons deel van de wereld.' Neffens itselde foarwurd wol *Zolang de wind van de wolken waait* sjen litte 'dat er een 'andere Nederlandse literatuer' is, herkenbaar en dichtbij maar toch anders, met een eigen geschiedenis.' Mar neffens de achterflap kinne ek lêzers dy't wol wat witte fan Fryske literatuer it boek brûke as neislachwurk. Dizze dûbelde doelgroep fan Friezen en net-Friezen stelt de redakteuren neffens my dalik al foar in probleem. Foar de iene groep lêzers is bekend wat foar oaren nij is. Hoe fine jo mei sokke lêzers yn 'e achterholle it lykwicht yn de distribúsje fan jo materiaal? De ynfierde lêzer easket in krityske hâlding fan de redakteuren foar de literatuerskiednis oer. Mar sa'n krityske hâlding is faaks net de bêste om Fryske literatuer te ferkeapjen.

By de tarieding fan dit besprek moast ik yn dit ferbân mear as ien kear tinke oan de publikaasjeskiednis fan *Frieslands Dichters* (1949). Dat waard, ta teloarstelling fan gearstaller Anne Wadman, foaral lêzen yn Fryslân sels, wylst ek Fryske skriuwers frege waarden om it boek te besprekken. Oan de útjouwer skreau Wadman dêroer: 'Van Schurer vernam ik dat hij een recensie moest schrijven voor Elsevier, – weer een van de vreemde zaken die ik niet begrijp – is er dan onder een zo uitgebreide redactie niemand te vinden die de moeite wil nemen dit boek te bespreken? Het is dwaas dat wij voortdurend propaganda moeten maken voor de eigen zaak!'

Yn dit besprek wol ik ûndersykje hoe't yn *Zolang de wind van de wolken waait* it ferhaal fan de Fryske literatuer ferteld wurdt. Wat binne de útgongspunten en wat wie it ûndersyksprogramma, mei oare wurden: hoe wurdt de Fryske literatuer oan de man brocht? Earst gean ik koart nei hoe't it boek opboud is, dan sjoch ik frij wiidweidich nei de útgongspunten út ynliding en foarwurd, en as lêste gean ik nei hoe't de útgongspunten yn de haadstikken sels útwurke binne.

Opbou

Zolang de wind van de wolken waait is in moai boek wurden om te sjen. Op de foarkant stiet de foto ‘gezicht op Cornwerd’ fan Jan Kalma. Wy sjogge in keppel skiep op ’e seedyk, freedsum gerskôgjend, mei dêrboppe de loft en – ûnsichtber – de wyn dy’t altyd waait. It boek is allinnich yn *hardback* te krijen en it sjocht der ek oan de binnenkant djoer út troch it moaie papier en troch it grutte tal yllustraasjes en kleuren. Achtern binne njonken de bibliografy handige registers opnommen, te witten in sakeregister, nammeregister en register fan neamde publikaasjes.

Zolang de wind van de wolken waait is opboud út tsien mear of minder grutte haadstikken. Foar de dúdlikens folget hjir earst in koarte gearfetting fan de ynhâld. Nei in koarte ynlieding fan Teake Oppewal (haadstik ien, ‘Het perk uitgezet’), stelt universitêr dosint by de oplieding Frysk yn Grins Oebele Vries yn it twadde haadstik, ‘Literatuur van recht en vrijheid. Geschreven Fries tot 1540’ fêst dat der út dizze perioade hast allinnich mar rjochtsteksten oerlevere binne en dat der noch gjin sprake wie fan in literêre kultuer. Emearius heechleraar Fryske letterkunde Philippus Breuker ferkent yn ‘Literatuur als liefhebberij. Van 1540 tot 1822’ de literatuer út deselde perioade. De titel fan syn stik seit it al: ek yn dy perioade wie der noch gjin sprake fan in trochrinnende literêre tradysje, Fryske literatuer wie der benammen foar de leafhawwers, as tsjinwicht tsjin it formelere Latyn en Nederlânsk. Dat feroare yn 1822. Yn haadstik fjouwer, ‘Meer literatuur voor meer mensen. Van 1822 tot 1915’ sinjlearret earder direkteur fan it letterkundich museum en Obe Postma-ûndersiker Tineke Steenmeijer-Wielenga hoe’t trochstrings de yn dat jier ferskynde *Lapekoer fan Gabe Skroor* fan de Halbertsma’s sjoen wurdt as it begjin fan in nij tiidrek. Steenmeijer-Wielenga beskriuwt earst de njoggentjinde-ieske sitewaasje, en sjocht dêrnei nei in tal skriuwers lykas Harmen Sytstra, Hjerre Gerrits van der Veen en Waling Dykstra. Yn haadstik fiif (‘In de vaart der volkeren. Van 1915 tot 1945’) nimt fakreferint by Tresoar Jelle Krol de perioade fan de Jongfriezen ôf oant de ein fan de oarloch foar syn rekken. Systematysk bringt er earst de literêre sitewaasje yn kaart troch de ferskate publikaasjemooglikheden te ûnderskieden. In tal prominente proaza- en poëzijskriuwers út dizze perioade, lykas Obe Postma, Douwe Kalma en doetiidske jongeren lykas Fedde Schurer en Douwe Tamminga, komme dêrnei apart oan bar. Yn ‘De verbinding verbroken’. Van 1945 tot eind jaren zestig’ nimt de fakkoördinator fan de learare-oplieding Frysk oan de NHL, Babs Gezelle Meerburg, it fan Krol oer. Ek by Gezelle Meerburg fine we in beskriuwing fan de literatuer út dat tiidrek oan de hân fan tema’s lykas de twa tydskriften *De Tsjerne* en *Quatrebras*, proaza, nei-oarlochske poëzij, folksskriuwers, en fernijjing yn it proaza yn de jierren sechstich. De haadstikken sân en acht binne wijd oan de perioade nei 1967. Yn haadstik sân (‘De bezem door de verzen. De poëzie na 1967’) behannelet skriuwer en earder dosint oan de Pabo Harmen Wind de poëzij, wylst oersetter en kritikus Jabik Veenbaas yn ‘Experiment versus psychologie. Het proza na de jaren zestig’ it proaza út de nijste perioade besprekt. De haadstikken njoggen en tsien nimme by einbeslút in apart plak yn it boek yn.

Toanielskriuwer Bouke Oldenhof beskriuwt yn ‘Van steen tot boegbeeld’ toaniel, klienkunst en film. Jant van der Weg-Laverman, spesjalist Fryske berneliteratuer, sjocht yn it lêste haadstik ‘Literatuur voor jonge lezers. Van 1846 tot nu’ nei berneliteratuer.

Opfallend oan de opbou fan it boek is dat der relatyf in soad klam leit op de Fryske literatuer út de perioade nei 1945. Trije fan de tsien haadstikken geane oer dy perioade, en dat binne tagelyk ek de langste út it boek, mei gemiddeld sa’n 45 siden per haadstik tsjinoer bygelyks de likernôch tsien siden fan de earste beide haadstikken en de likernôch tweintich fan haadstik trije. Miskien kin de grutte oandacht foar de nijste perioade ferklearre wurden mei’t it doel fan de redaksje wie om de Fryske literatuer by Nederlânske lêzers bekend te meitsjen. De nijste literatuer lient him foar dat doel miskien it bêste.

‘Het perk uitgezet’

Sa’t ik hjirfoar oanhelle wurdt yn it foaropwurd en op de achterflap steld dat *Zolang de wind van de wolken waait* foaral ornearre is foar in Nederlânsk publyk dat noch net bekend is mei Fryske literatuer. Dêrmei is ek it argumint foar de fiertaal Nederlânsk jûn: dy taal is lêsbere foar sawol ynteressearre Friezen as net-Friezen. Dat foar Friezen ek de foarige literatuerskiednis, *Lyts hânboek fan de fryske literatuer* (1977, 1997²), noch net útferkocht is, is gjin argumint dat it neamen wurdich is: it boek wurdt sa njonkenlytsen as ferâldere beskôge. Benammen de lêste perioade (1977-1999) wurdt hastich mei ôfrekkene en op dat flak jout *Zolang de wind van de wolken waait* de needsaaklike oanfollingen. Unterjochte soe de Nederlânske lêzer opmeitsje kinne dat de redakteuren har foar in grut part basearje koene op foarige literatuerskiednissen. De ynfierde lêzer wit dat der hast gjin sekondêre literatuer is oer Fryske literatuer. Behalve de fan Oppewal neamde literatuerskiednissen lizze hûnderten artikels – faker skreaun troch leafhawwers as troch saakkundigen – ferspraat yn tydskriften en lêstich te finen partikuliere útjeften. De grutste fertsjinst fan *Zolang de wind van de wolken waait* leit dan ek yn it feit dat dêryn in skat oan ynformaasje sintraal gearbrocht is, en dat dat meast gebeurd is yn flotte teksten. Mei in soad wille ha ik de teksten lêzen oer perioaden dêr’t ik amper wat fan ôfwist, lykas de âldste en de nijste perioade (troch myn ûndersyk bin ik it bêste thús yn de perioade 1935-1968). It stiet bûten diskusje dat dit boek foar de ûndersiker it *Lyts hânboek* yn ien klap oerstallich makke hat.

Oan de hân fan in essee fan Willem Winters yn *Hjir* leit Oppewal yn ‘Het perk uitgezet’ út dat ‘it eigene’ fan Fryske literatuer, yn Winters syn wurden, ‘een vraagstuk zo glad als een aal’ is. Wol kenmerkend foar de lytse Fryske literatuer, sa leit Oppewal út, is de ûntwikkeling dêrfan yn syn spesifike, twatalige kontekst. Yn de ynlieding jout er in koart oersjoch fan de ûntjouwing fan de Fryske literatuer nei de hjoeddeiske sitewaasje; fan in literatuer foar leafhawwers nei in twatalige literatuer. Foar de leek hie it miskien goed west at Oppewal wat djipper yngien wie op kwestjes dy’t op de ûntjouwing fan de Fryske literatuer in grut stimpel drukt ha, lykas dy fan de Fryske beweging as driuwende motor achter de literatuer (57). Om

it hiel koart gear te fetsjen: sûnder Fryske beweging gjin subсыdzjes, sûnder subсыdzjes hast gjin hjoeddeiske literatuer. In resint projekt as de Fryske Modernen, in reaksje op it feit dat der net in soad Fryske romans ferskine, is yn de Nederlânske kontekst net maklik tinkber.

Nettjinsteande profesjonalisearring, sa't dy dus blykt út subсыdzjeregelingen, wurdt de Fryske literatuer noch faak sjoen as in literatuer mei in legere status as de Nederlânske. It feit dat Hugo Brems yn *Altijd weer die vogels die nesten beginnen* (Amsterdam, 2006) gjin wurd oan Fryske literatuer spandearret, wylst er wol oare literatueren yn Nederlân en Flaanderen behannelet, is neffens my tige opfallend. No spile foar de Flaming Brems it argumint fan de taal fansels in rol, mar dochs, it binne net allinne bûtensteanders dy't tinke wat Wadman soms yn in swiersettige rite sei dat in hiel soad Fryske skriuwers yn Nederlân nea in publisitêre poat oan 'e grûn krije kind ha. De tagong ta it Fryske fjild is minder heechdrompelig, alhielendal sûnt de lêste jierren ynternettydskriften en web-logs ferskine. Dat is neat oars as yn Nederlân, mar ien kear yn it literêre fjild telle jo yn Fryslân al gau mei, krekt om't it tal Fryske skriuwers beheind is.

Fryske literatuer is neffens de ynliding 'herkenbaar en dichtbij, maar toch anders'. Yn deselde ynliding wurdt terjochte opmurken dat der tusken lêzers en skriuwers gjin sterk ûntwikkele sekundêre fjild bestiet. Mei 'veld' wurdt – sa nim ik oan, want in ferwizing wurdt net jûn – referearre oan in literatuerteoretysk konsept. It komt út de sosjologyske hoeke (Foucault, Bourdieu) en ferwiist nei it gehiel fan ynstitúsjes, fan minsken dy't har dwaande hâlde mei literatuer, lykas skriuwers, útjouwers, kritisy, boekferkeapers, ensfh. De klam leit der by Bourdieu op dat it literêre fjild altyd yn beweging is; de machtsferhâldingen yn it literêre fjild wikselje nammentlik allegeduerich, krekt as de ideeën oer literatuer. At jo saken út it literêre fjild ûndersykje, kinne jo dy dus net loskeppelje fan har ûntsteansskiednis, om't der hieltyd oars tsjin bepaalde literêre ferskynsels oansjoen wurdt. Oppewal folstiet mei it ûnderskieden fan in 'secundair veld' (14), dat er pleatst tusken lêzer en skriuwer yn. It is by him it gehiel fan skriuwers *oer* literatuer lykas kritisy, oersetters, redakteuren, essayisten en wittenskippers. Oppewal merkt mei rjocht op dat it meast opfallende skaaimerke fan dizze groep yn Fryslân is dat dy sa lyts is. Sa kin it gebeure dat der foar guon wurk somtiden gjin besprekker te finen is. (It foarbyld dat jûn wurdt om dat argumint te ûnderbouwen, it ûnbesprutsen *Fries Stamboek* (Amsterdam, 2000), is net sa gelokkich; de 'belangrijke bloemlezing met in het Nederlands vertaald Fries proza' komt yn *Zolang de wind van de wolken waait* ek net oan bar).

Mar ek oer dit 'sekundêre fjild' is mear te sizzen as dat Oppewal docht. Mei dizze lytse groep, dy't him dus beweecht yn in fjild dat net 'sterk ûntwikkele' is, is nammentlik mear oan 'e hân. Yn it foarste plak skriuwe in soad ûndersikers fan Fryske literatuer sels ek proaza of poëzij, of sette se oer. Yn it twadde plak is literatuerskiedskriuwing yn Fryslân, sa't ek bliken docht út *Zolang de wind van de wolken waait*, fakentiden frij tradisjoneel. Untwikkelingen út de resinte Nederlânske literatuerskiednis binne net altyd trochkrongen ta de Fryske ûndersikers, dy't har

fakentiden yn in fan Nederlân isolearre fjild ophâlde. Sa is der in soad oandacht foar skriuwers en har wurk, mar minder foar oare ynstitúsjes yn it fjild lykas útjouwers en kritisy en foar literêre netwurken. Op dy twa punten wol ik yn de folgjende twa paragrafen fierder yngean.

Skiedslinen

Dat de lêzer yn *Zolang de wind van de wolken waait* gjin grutte ôfstân fine sil tusken redakteuren en de behannele skriuwers, dat wie al dúdlik mei't skriuwers en dichters frege waarden it boek mei te propagearjen. Mar it blykt ek út it boek sels. Sa wurdt yn it haadstik fan Jabik Veenbaas oer proaza nei 1967 yn de kadertekst 'Prozaïst en essayist Jabik Veenbaas' Veenbaas sels troch syn meiredakteuren besprutsen. As dichter komt er oan bar by Harmen Wind (197 e.f.). Gezelle Meerburg sette tegearre mei Ronald Noppers de fersen fan Hettinga oer foar de Frankfurter Buchmesse yn 1993 (341). Teake Oppewal wie ien fan de twa gearstallers fan *Spiegel van de Friese poëzie van de zeventiende eeuw tot heden* (1994), dy't wurdearjende wurden krije fan Harmen Wind (210) (al wurde de gearstallers by Wind net mei namme neamd). Wind sels publisearre in grut tal dichtbondels en romans, it levere him in kadertekst op oer 'De dichter Harmen Wind' yn syn eigen haadstik en in koart stikje by Veenbaas (249). Redakteur Bouke Oldenhof skreau toaniel en stie foar de lêstige taak yn dit ramt wat oer syn eigen produksjes te skriuwen (298-300). Jant van der Weg-Laverman makke in tal oersettingen fan berneboeken en kaam sa ek as oersetter yn har eigen haadstik telâne.

Dat de skiedslinen tusken de ferskillende ynstitúsjes yn in lytse literatuer as de Fryske wol ris ferfaagje om't der te min minsken binne om de ferskillende plakken yn te nimmen, blykt ek út it feit dat Oppewal yn it deistich libben by Tresoar wurket as koördinator foar de befoardering fan de Fryske literatuer. Yn de iene funksje moat er literatuer as produkt ferkeapje, yn de oare moat er sribje nei objektivens. Idealiter stiet de literatuerwittenskipper sels ommers bûten it fjild dat er ûndersiket. Is dat net it gefal, dan wurdt it dreech om de (beskieden) wittenskiplike doelen fan *Zolang de wind van de wolken waait* te realisearjen.

Utfiering ûndersyksprogramma

Oan de hân fan de haadstikken sels wol ik no graach sjen hoe't it brede ûndersyksprogramma by de redakteuren útfierd is. Ik neamde de wize fan fertellen hjirfoar tradisjoniel, mei in soad oandacht foar skriuwers, mar net foar de ûnderlinge relaasjes tusken skriuwers. Oan 'e hân fan twa punten wol ik dat yllustrearje. Dat is oan de iene kant de ferdieling fan it ûndersyksmateriaal tusken de redakteuren ûnderinoar, en oan de oare kant de wize hoe't de redakteuren yn har haadstik de literatuer beskriuwe.

Om mei dat lêste te begjinnen, it tal literêre wurdearringen fan de redakteuren yn *Zolang de wind van de wolken waait* is heech. In tal foarbylden. Oer it wurk fan Gysbert Japix: 'meesterlijk geschreven gesprekken over actuele tegenstellingen tussen zeer natuurlijk getekende mensen van het platteland' (37), oer njoggentjin-

de-ieuske literatuer: '[...] in de negentiende-eeuwse Friese letteren is desalniettemin veel te vinden dat zich nog altijd met plezier laat lezen' (57), 'De onbetwiste meester in het realistische genre in de Friese letteren werd Waling Dykstra' (76), 'wat de lezer meteen treft, is de hartstocht die de schrijfster [Simke Kloosterman yn *De Hoara's fan Hastings*] in haar werk laat doorklinken' (104), 'Abe Brouwer [...] groeide [...] uit tot een meeslepend verteller' (106), 'Het is een aardige vertelling geworden, maar de stijl blijft nogal eenvoudig en de ontwikkeling wat obligaat' [oer de debútbondel fan Willem Verf] (227), 'Trui Jentink, socialiste en feministe, was ongetwijfeld een markante dame, maar dat markante is bij Sluis nogal afwezig' (250), 'Kalma's eersteling, *Kening Aldgillis* (1920), hoort tot zijn beste stukken' (276), 'Eppie Dam (*1953), een veelzijdig literator zowel voor volwassenen als voor kinderen [...]' (322).

It is net altyd dúdlik oft de redakteur hjir de besprekkers út de tiid oan it wurd lit, of dat hy (of sy) sels syn oardiel oer it wurk jout en him sa – fanút it no – mingt yn in eardere diskusje. Dat is fan belang, om't it lettere oardiel ommers fan in hiel oar karakter is as it eardere. It argumint 'seit it de hjoeddeiske lêzer noch wat' is mar ien fan de mooglike ynfalshoeken. In heech tal literêre wurdearringen kin tagelyk ek de yndruk wakke dat hjir wat ferdigene wurde moat. Mear as dat it no noch in funksje hat, hie literatuer in funksje yn de tiid fan ferskinen, en dy eigen tiid moat neffens my sintraal stean.

Oandacht foar it plak fan de literatuer yn de maatskippij ûntbrekt net (bygelyks Philippus Breuker oer de kulturele elite yn it akademysk libben, Jelle Krol oer de ûnderskate selskippen en Babs Gezelle Meerburg oer de lêshonger nei de twadde wrâldoarloch, Bouke Oldenhof oer de funksje fan toaniel foar net-lêzers fan it Frysk), mar it is my net systematysk genôch trochfierd. It hie wat dat oangiet moai west at elts haadstik begûn wie mei in beskriuwing fan it literêre klimaat lykas Jelle Krol bygelyks al docht. Yn it haadstik sels soe dan romte wêze foar problematisearing fan it eardere byld. Want dat literêre streamingen (lykas dy fan de Jongfriezen bygelyks) sa-as Hugo Brems it no gongbere idee ferwurdet, sawol konstruksjes út it ferline binne as in part fan dat ferline sels, dat binne nuansearingen dy't neffens my oanbrocht wurde moatte.

Oandacht foar de gruttere ferbannen mis ik bygelyks yn it haadstik fan Babs Gezelle Meerburg yn de passazjes oer Anne Wadman, Fokke Sierksma en (letter) Lolle Nauta (135, 132, 151-152). Ut de tekst wurdt net rjocht dúdlik dat dit yn de geast besibbe anti-estetisy wiene. It idee dat keunst tagong jaan soe ta in hegere wrâld woe der by dizze 'nihilisten' (de beneaming is fan Douwe Tamminga) net yn. Literatuer moast earder krekt de leffens en de lytsens fan minsken sjen litte, it idee fan de 'verbeten eerliikheid' fan de troch har trijen bewûndere Menno ter Braak. Dat ferklearret fuortendaliks wêrom't Wadman en Sierksma yn de jierren fjirtich en fyftich (en Nauta noch letter) hurd botsten mei âld-Jongfriezen lykas Eeltsje Boates Folkertsma, Fedde Schurer en Douwe Tamminga. De ûnderlinge ferbannen tusken dy skriuwers bliuwe no tefolle ymplisyt, wylst krekt dy ferbannen en dan benammen de botsingen tusken skriuwers in ljocht smite kinne op de

ûntjouwing fan de Fryske literatuer. Ien fan de fertsjinsten fan it haadstik fan Gezelle Meerburg is nammers dat by har in soad rúzjes wol by de namme neamd wurde, krekt yn rúzjes wurdt ommers dúdlik wat de ideeën oer Fryske literatuer wiene. Ek fine wy by har oandacht foar twatalige skriuwers.

Om't benammen foar de nijste perioades (de haadstikken 6, 7 en 8) in grut tal skriuwers en dichters yntrodusearre wurde moast, wurdt de tekst dêr wol ris wat opsommerich. Op de swakste steeën wurdt om de alineasjes in nije skriuwer yntrodusearre, dêr't yn in pear sinnen it belangrykste wurk fan neamd en karakterisearre wurdt. Soks leveret gjin lêsbere tekst op, benammen net at hjir in lêzer ynljochte wurde moat dy't fan al dy skriuwers noch noait heard hat, en foar wa't saken as sutelaksje en Rely Jorritsmapriis mar frjemde kuriosa binne.

Inselde beswier ha ik tsjin de kaderteksten, lytse teksten yn de marzje by foto's of tekeningen. Alhoewol't ik it prinsipe fan teksten dy't it gehiel wat brekke aardich fyn, liedt in te grut tal kaderteksten tefolle ôf fan it ferhaal. Saken dy't fan belang binne foar de rinnende tekst, hiene better yn dy tekst sels ferwurke wurde kind. Mar swierder waagjend as dat beswier is in praktysk beswier; al lêzend yn *Zolang de wind van de wolken waait* is it my geregeld oerkaam dat ik de side omsloech en net dalik seach wat rinnende tekst en wat kadertekst wie.

In lêzer op ynternet neamde *Zolang de wind van de wolken waait* krekt troch de omfang en dan benammen troch it grutte tal yllustraasjes en teksten in 'salontafelboek', moai foar de kofjetafel, mar dreech foar de konsumpsje. Ik bin bang dat de folsleinens dêr't de ûndersiker bliid mei is, foar in Nederlânske lêzer krekt in probleem is.

It risiko fan it wurkjen mei meardere redakteuren is fansels dat jo oerlaap krije yn de tekst. Ek *Zolang de wind van de wolken waait* ûntkomt dêr net oan. Hiel koart as lêste noch in pear foarbylden. Sa wurdt de dichter Douwe Tamminga twa kear yntrodusearre (117-118) en (138 e.f.), krekt as de dichteres Simke Kloosterman (104-105) en (309-310). Ferskil fan miening bestiet der oer de earste roman (104) en oer de kwestje hoe't jo oer it begryp 'Friese identiteit' tinke moatte, nammentlik oft dat in 'wetenschappelijk aantoonbaar' ferskynsel is, of in konstruksje út letter tiid (58 e.f. tsjinoer 11).

Neist oerlaap binne der opfallende ynkonsekwinsjes tusken de haadstikken. Wêrom fine wy yn haadstik 7 ('De bezem door de verzen') bygelyks ynienen in stikje oer 'canonisering' (207 e.f.), wylst dat net as in apart tema yn de oare haadstikken oan bar komt? Better hie it hjir neffens my west om it achterlizzende idee (hoe't de foarming fan de kanon yn de ferskillende perioaden yn syn wurk gean soe) yn de ynlieding te besprekken en problematisearjen.

Yn 'e etalaazje

Behalven by de fertsjinsten ha ik yn it boppesteande benammen stilstien by de beswieren dy't ik ha tsjin de wize hoe't yn *Zolang de wind van de wolken waait* it ferhaal fan de Fryske literatuer ferteld wurdt. Ik hie graach mear seleksje sjoen yn de haadstikken, mear oandacht foar gruttere ferbannen en ideeën oer literatuer, in

wiidweidige ynlieding dêr't net allinnich de kontekst fan de Fryske en de Nederlânske literatuer yn sketst wurdt, mar dêr't dy kontekst ek yn problematisearre wurdt. Ik hie leaver mear lêzen oer de wurdearringen fan de kritisy út de eigen tiid as dy fan de redakteuren sels en as lêste fyn ik it tal yllustraasjes en kaderteksten somtiden te heech.

Reden om swiermoedich te wêzen oer de Fryske literatuerskiednis soe ik allinnich ha at mei *Zolang de wind van de wolken waait* it lêste wurd oer dy skiednis sein wêze soe. Foar my leit de grutste winst fan it ferskinen fan it boek net yn it feit dat de Fryske literatuer moai yn 'e etalaazje lein is, mar wol yn de diskusje dy't it op gong bringe kin en moat oer hoe't Fryske literatuer beskreaun wurdt. Benammen at dat, sa't hjir it doel wie, bart yn it ramt fan de Nederlânske literatuerskiednis. Earst moatte dêrfoar de muorren om de Fryske literatuer (ynklusyf Fryske literatuerskiednis!) mar ris om. Allinnich dan soe Hugo Brems bygelyks mei bettere arguminten komme moatte om fol te hâlden dat Fryske literatuer gjin Nederlânske literatuer is.

Joke Corporaal
Fryske Akademy
Ljouwert